

De reinbôgedolfyn

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 233 9

1e druk 2020

© Marianna van Tuinen, 2020

Fryske oersetting: Ytsje Steen

www.mariannavantuinen.nl
yn gearwurking mei Maggie Tahalele,
Energetische Communicatie,
www.christallin.nl

Eksimplaren binne te bestellen fia de boekhannel
of rjochtstreeks by de útjouwerij:


Utjouwerij Elikser
Oksekop 4
8911 LE Ljouwert
www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra


Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in automatysearre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.


De reinbôgedolfyn




Marianna van Tuinen



De sinne skynt en it reint.
Wa spartelet dêr sa moai?
Dat is Lara, it dolfyntsje.
Se sjocht omheech.
“De reinbôge!” ropt se út.
“Ik spring deryn en dan swim ik yn de kleuren!
Dat sil ik dwaan!”
Lara springt en springt, mar de kleuren binne te heech.
It slagget net.
“Myn freontsjes kinne it fêst wol,” kwetteret Lara.
Dêr komt al ien oan.





“Hoi Reno, witsto hoe’t je by de reinbôge komme kinne?
Ik wol dêr sa graach yn.”

“Dat is fierste heech.

Sil ik dy leare om hiel djip te dûken?”

“Binne dêr by de boaiem ek kleuren?” freget Lara.

“Dat sjochst fansels.

Kom mar!”

Sierlik springe se yn de golven fan de see.

Plûms!



Se geane djipper en djipper ûnder wetter.
Dêr is de boaiem.
Lara en Reno swimme ticht by de midden fan de ierde.
Wat is it dêr stil... en read!
As de ûndergeande sinne, sa read!



Se geane werom. Hee, wat is dat?

Wa hat him dêr ferstoppe?

“Piba!”

O, it is Nora dy’t dêr achter in wetterplant sit!

“Nora, kinsto yn de reinbôge komme?” freget Lara.

“Nee, dy is fierste heech.

Mar ik kin wol spultsjes betinke.

Hiel spannend.

Dogge jim ek mei?”

Oerenlang dogge se ûnderwetterferstopperke en
ûnderwettertikkerke.

Bluppy, do bist ’m!

Se ferjitte de reinbôge.